

Preek oer Lukas 11, 28

Fotum en groetnis

Liet 328

Ps.102 : 6

De Tsien Wurden

Psalm 102 : 13

Gebedens

L Lukas 2 ,8 -20

Liet 66 : 1, 2, 3

L Lukas 11, 14 – 28

Liet 66 : 4, 5, 6

T Lukas 11, 28

Preek : **Sillich binne dyjingen, dy't nei Gods wurd harkje en bewarje**

1. Net as taskôgers by dat Wurd

Ps.119 : 27, 35

2. Mar as belutsenen by dat Wurd

Ps.125

Gebedens

Kollekte

Liet 481

Segen

Gemeente fan ús Heare Jezus Kristus,

Lit ik út ein sette mei faaks in wat gekke fraach : fan wa fan jimme hat it it ôfrûne jier de jierdei west?

Fingers omheech graach. Ja, fan eltsenien fansels. Want, wat in fraach. Fansels hat it fan ús alle gearre de jierdei west.

In oare fraach dan mar : is it hjoed immen syn of har jierdei ? Mar wer de fingers omheech. Fan herte lokwinske. En, as hjoed nimmen syn of har jierdei fiert, dan dus lokwinsken efterôf of yn 't foar.

Wêrom dizze fragen ?

Alderearst hjir om : it is dochs in heuchlik feit dat jo wer in jier fan God krije mochten. In lokwinsk wurdich, ek hjir middenmank de gemeente út te sprekken.

En yn it twadde plak dizze fragen, om by ús tekst teplak te kommen. Dêr wurde ek minsken lokwinske. Dêr hawwe jimme it wurd fan ús tekst : *segene binne (earder) dy't nei Gods Wurd harkje en har deroan hâlde*. Segene mei de idee : se binne te lokwinskjen.

Wy liezen de tekst út de oersetting 1978 fan it NBG. Mar faaks kenne jo noch de tekst út 'e saneamde "Wumkes – oersetting". Dêr lêze jo : *sillich binne dyjingen, dy't nei Gods Wurd harkje en it bewarje*. Jimme hearden dy wurden niiskrektsa, troch my útsprutsen nei it lêzen fan de Skrift. Dat komt hiel ticht by de Nederlânske oersetting fan it NBG út 1951, dy't wy koartby yn ús tsjerken brûkten. Dêr stiet : *zalig die het woord Gods horen en het bewaren*. Ek dizze wurden wurde, nee net gauris yn ús tsjerken, mar wol yn oare tsjerken, sa as de PKN en wis de Lutherske tsjerken, útsprutsen as ôfsluting fan de Skriftlêzing. En dizze wisânsje hat in lange tradysje. En mei in goede tradysje hite. Sa waard de lêzing fan de Skriften ieuwenanien ôfsluten. Mei dizze tekst út Lukas 11. Om it hearde Wurd nei te nimmen en der nei te libjen.

Sillich binne dyjingen dy't nei it Wurd fan God harkje en it bewarje. No is *sillich* in wat âldfrinzich wurd.

Dêrom *gelukkig* yn 'e NBV of *segene* yn de nijere Fryske oersetting. Moai dat *segene*. Moaier dan *gelukkig*.

Gelukkig is mar sljocht hinne en wer. Jo hawwe lok hân as jo by ûngemak it der goed ôfbrocht hawwe. Mar *zalig* of *segene* giet gâns djipper. It set God yn dyn libben, Hy dy't segenet en silliget. It set Jezus Kristus, de Sillichmakker, yn dyn libben. Hy dy't dy ferlost en befrijet. It set de Hillige Geast yn dyn libben, Hy dy't wenje wol yn dyn hert en dy't sillichheid yn dyn libben útwurkje wol. It set it Wurd fan God yn dyn libben, dat Wurd datsto nei harkje moastst en neininme moastst.

Sillich binne dyjingen, dy't nei Gods wurd harkje en dat bewarje

3. Net as taskôgers by dat Wurd

4. Mar as belutsenen by dat Wurd

Net as taskôgers by dat Wurd

Taskôgers.

Jo kenne dat wol. Jo ride op in autowei. Oan de oare side is in ûngelok bard. Dêrefter ûntstiet ynienen in file.

Mar net allinne oan dy side, ek op de baan dêrst sels rydst foarmet him ynienen in file. Want wy binne sa

nijsgjirrich. Wy moatte sjen wat der bart en sûnder erch nimme wy gas werom. En fuortynienen ûntstiet der in file. Sjoggerfiles wurde se neamd yn de filemeldings foar it radio. Wy binne dan taskôgers op distânsje. Wy sjogge wol, mar wy kinne neat dwaan. Aktive belutsenheid kinne wy net sjen litte. Allinnich nijsgjirrichheid. Taskôger op distânsje. Nee, dat is net dy man fan wa't it diel dat oan ús tekst foarôf giet fertelt (fers 14). De man hat in demon yn dy't it him ûnmooglik makket en praat. De man is stom. Fan oarsprong wie er dat net, hy hat prate kind. Want strak, nei better wurden, sprekt er dúdlike taal. Mar no behinderet de demon him te praten. Wat in macht hat sa 'n demon. Alhoewol't jo prate kinne, dogge jo it net. De demon set jo tonge, om samar te sizzen, fêst. En jo kinne dy mar net loskrije. It heucht my yn myn tiden dat in suster fan de gemeente soks oerkaam. Se koe prate en die dat ek wis oer har leauwe. Ynienen hâlde se op mei praten. Wêrom? No, se die te witten, fia skreaune tekst: Satan wol net dat ik praat. Ik soe ris wat goeds oer de Heare Jezus fertelle kinne, en dat wol dy satan net. Lokkich kaam se letter wer by (om it samar te sizzen). Mar noch ris: wat in macht hat sa 'n demon. Mar dan komt Jezus. En mei gesach ballet Er de demon út. Hy makket de tonge fan de man los en sjoch (of leaver: hear): de man sprekt wer. Wat hat er it Wurd heard en wat hat er de macht fan it Wurd ûnderfûn. En hy sprekt, jûchheit, jubelet en tsjûget fan Jezus, it Wurd dat him ferlost. Dizze man, wis net in taskôger op distânsje.

Mar, seit Jezus dêrnei, it kin ek oars. Jo lêze dat yn de fersen 24 oant 26. It kin barre dat ik in demon útbalje, mar de man of de frou by wa't ik dat doch, heart wol it Wurd, wurdt ek better, mar wegeret myn Wurd te leauwen en fan my te tsjûgjen. De demon giet der wol út, mar der komt neat foar werom. It libben bliuwt liddich. Sa as, jo werkenne dat faaks, in fakânsjehúske, as men der foar in wike yn delhuzet. Kreas ynrochte, goed skjinmakke, mar net smûk. Dat moatte jo der sels ynbringe, mei in blomke, eigen snypsnaren, ensafuorthinne. Dogge jo dat net, dan bliuwt it hûs sûnder sfear, leech. Sa ek dat libben fan dy man of frou. Liddich, dea. Taskôger op distânsje. Gjin echte belutsenheid.

Sa 'n taskôger op distânsje is no ek dy frou dy't op Jezus' wurden en wûnders reagearret (fers 27). Se is ûnder de yndruk fan Syn wurden en fol fjoer oer Syn wûnders. En se jûchheit it út (NBV): lokkich de skerte dy't jo droegen hat en de boarsten dêr't. Jo oan dronken hawwe. Wat in lofsang op mem Marije. Faaks hat Marije sels wol oanwêzich west by dizze jûchheigjalp. Faaks wie se by de froulju, dy't mei Jezus troch it lân trieken. Miskien. Yn alle gefallen, har jildt de lofsang: Marije, wat machtich sa 'n soan droegen te hawwen en op 'e wrâld bringe mocht te hawwen. Fantastysk, sa 'n bern hawwe te meien en jou it te iten en bring it grut. Sa 'n soan dy't sa ymposant sprekke kin en sokke machtige wûnders dwaan kin, sels de demonen útbalje. Lokwinske Marije, mei sa 'n soan. Wat silsto lokkich wêze.

Hoe reägearret Jezus dêr op? Is Hy net bliid mei dizze opteinens? Fansels wol. Fansels fynt Hy it moai dat minsken nei Syn wurden harkje en út 'e skroeven binne oer syn wûnders. Fansels is er bliid mei dizze lofsang op syn mem Marije. Wa fan jimme, bern, is net bliid asto oer heit of mem in machtich kompliment krigest, sa fan: wat in sterke heit hast do, of wat soarget dyn mem goed foar dy. Sa hat it ek mei Jezus west. Hy wie in minske as do, jo en ik. Dêrom is Er bliid mei dizze lofsang op Syn mem Marije. En Hy lit dat ek merke as Er seit: jawis (Wumkes). Mei dat wurd seit Er, om sa te sizzen: Frou, jo hawwe grut gelyk; ús mem meie jo yn de hichte stekke, jo meie har sillich priizgje.

Allinne de fraach is: wêrom? Omdat se in soan droegen hat, op 'e wrâld brocht hat, iten jûn hat en grutbrocht hat, dy't sa machtich sprekke kin? Omdat har soan sa'n grutte wûnderdwaner en better makker is? Nee! Us mem Marije is sillich te priizgjen meidat se de Messias fan Israel yn har skerte droegen hat. Meidat se de foarseine Ferlosser te wrâld brocht hat. Omdat se de Heilân fan 'e wrâld te iten jûn hat en grutbrocht hat. En dat sjocht dizze frou net, en dêr sjocht dizze frou de wierheit net fan yn. Te sjen oan wat Jezus noch fierder seit. Ommers, der stiet: mar Hy (Jezus) sei. Yn dat "mar" sit de tsjinstelling. Dêrnei wurdt se pleatst by de taskôgers út de foarôfgeande fersen. Sy dy't wol harkje en somtiden út 'e skroeven binne, mar dy't net ta it leauwe yn Jezus komme, as de Messias fan Israel, as de Ferlosser ek fan harren libben. Sy sjocht Jezus as in grut sprekker, in machtich wûnderdwaner, mar net as de Ferlosser fan har libben. Jo soenen sizze kinne: dizze frou sjongt wol in lofsang op Marije, mar se sjongt net de lofsang fan Marije mei. Hja sjongt net mei Marije (wy songen dy niiskreksa): "Grutte dingen hat Er oan my dien, de Machtige; Hy hat oan my in krêftich wurk dien, troch syn earm". Der is dus mear oer Marije te sjongen dan har blide ferwachting en de berte en it grutbringen fan harren soan as in grutte persoanlikheid, in *Very Important Person*. Der is te sjongen fan it wurk fan de God fan Israël yn har as de mem fan de Messias.

Sa typearret Jezus dizze frou as de taskôger by it Wurd. As immen dy't it allegear wol moai fynt, mar dy't der wat licht oer hinne sylt. Dy't dus ek net komt ta in echt folgjen fan Jezus, ta in kar foar Him en ta leauwe yn de Messias fan Israel.

De fraach is no: hoe sit dat by ús? Men kin hjoed sa ek yn tsjerke sitte: jo hearre it allegear, mar it rekket jo net. No wit ik wol: dat kin ek oan wat oars of oan in oar lizze, it kin te krijen hawwe mei de dûmny, mei de sfear, ensafuorthinne. Mar it kin ek oan dysels lizze. It is dan krekt as mei sa 'n swiere leaden reinjas, de drippen gliedzje der by lâns. Wiet wurdt de jas winlik net en wiet wurde jo sels alhiel net. Dat is taskôgers – mentalteit. Taskôgers by it Wurd.

Dat kin men oantrefte wier – wier net allinne by de jongerein, nee ek by de âlderein en by de âldelju. En dan is de krytyk fan de jongerein wis wol mei rjocht en reden. Jo hearre dat wol fan harren : dy âlders of myn âlders, se sitte sneins altiten yn tsjerke, se lêze en bidde thús oan tafel, mar fierders merke jo hast eins neat fan dat se sels troch Jezus Kristus rekke, ja grepen binne. Sa kin taskôgers – mentaliteit by de âlderein en âldelju, ûnferbidlik troch de jongerein oan ‘e kaak steld wurde. Allinne, ik wol ek sizze : jongerein, jimme meie krytyk hawwe, mar pas der no foar op dat jimme út reäksje net yn deselde falkûle traapje. Jimme geane ek nei tsjerke, dat heart sa. Of wat sille de lju, wat sil dûmny der wol net fan sizze as wy net mear gean. Mar fierders seit en docht it ús neat en wolle wy ús der ek net foar ynsette en der nei harkje, mei te dwaan, entûsjast en aktyf. Dat is ek taskôgers – mentaliteit.

De fraach is foar âlderein en foar jongerein : binne jo grepen troch Jezus Kristus ? Leauwe jo yn Him mei hiel jo herte, mei hiel jo hawwen en hâlden ? Is Jezus Kristus jo alles ? Of bliuwe jo de taskôger ? Mei de hâlding fan : ik wol wol ris nei tsjerke, mar net eltse Snein; ik doch myn Bibel wis wol ris iepen, mar net gauris. Bidde doch ik grif, mar allinne as it my útkomt. Ja, dan wurdt it nea je fleis en bloed. Dan is dat taskôgers – mentaliteit.

En taskôger wêze, net belutsen, op distânsje, dat kin dus yn tsjerke. Mar taskôger bliuwe yn tsjerke, dat kin net. Want it libben fan in taskôger, dy’t allinne mar taskôger bliuwt, seit Jezus, is en bliuwt liddich. Want der komt yn dat libben net de kar foar Him as de Ferlosser fan it libben. En dan kin it libben bêst goed sanearde wêze, as dat fan dy dwylsinnige. Der kin fan alles en noch wat útgoaid wêze sadat it yn minske eagen in “kreas” libben wurden is, mar as it net folle wurdt mei Jezus Kristus, dan bliuwt it tige liddich. En, seit Jezus, dat kin sa net bliuwe. Leechstean duorret noait lang. Tink mar oan in hûs dat in lange tiid leech stiet, it wurdt al flot troch immen oars ûnrjochtmjittich taëigene. Fers 26 : de demon komt werom, hy fynt it hûs leech, kreas opromme, mar wol leech en hy hellet sân oare demonen, noch minder dan hy, en mei syn achten hûzje se del yn dat lege hûs, dat lege libben. En sa wurdt it mei dat libben, mei dat minske minder dan foardat dy demon der útgoaid wie. Taskôger bliuwe kinne jo dus net. As jo net fan herten kieze foar Jezus en Him troch syn Geast wurkje litte yn jo hert en libben dan wurde jo einlings en tenlêsten, as God it net ferhoedet, fan in taskôger in tsjinstanner. Lang kinne jo faaks mei hobbetje en bobbelje, hiel lang somtiden. Mar ienris komt it beskiedende momint. Dan kin men net mear efter Jezus oanhobbetje, mar dan moatte jo sels foar Jezus kieze. En Him folgje. Om syn Wurd kinne jo net hinne. Wa tinkt dat wol te kinnen, wa’t taskôger bliuwe wol, dy kiest tenlêsten tsjin Jezus. De taskôger by it Wurd wurdt tenlêsten , noch ris, as God it net ferhoedet, fersmiter fan dat Wurd. En dat is deadlik. Kies dan foar Jezus. Harkje it Wurd en bewarje it.

Mar as belutsen by dat Wurd

Belutsen binne jo by it Wurd, by Jezus Kristus, as jo nei syn Wurd harkje en it bewarje. Earst wat oer dat *harkjen nei* it Wurd. *Harkje*. Dat is mear as *hearre*. Men *heart* ek sûnder it te wollen : nuvere gelûden by nacht en ûntiid, it leven fan it ferkear, ensafuorhinne. *Harkje* is mei opsetsin goed hearre, bygelyks nei in symfony. *Hearre* kin noch ôfhâldend wêze : men heart it mei de earen, mar it komt net yn it hert telâne. *Harkjen* giet mei ynmoed, it is mear as hearre, it is ek hearre nei, om sizzen jaan, it komt yn it hert telâne.

Dus net it iene ear der yn en it oare der wer út. Of somtiden net iens it iene ear yn, meidat jo as it Wurd klinkt, de preek begjint, jo jo ynstelle om dochs net te harkjen. De preek (nei alle gedachten lang en ferfeelsom) is in skoft om dyn tinzen en dyn fantasijen hearlik gewurde te litten. En de preek, de ferkundiging fan it Wurd, is dan in soarte fan eftergrûnmuzyk, “muzak” sa as dy yn supermerken wol klinkt. Jo hearre it, mar tagelyks hearre jo it ek net. Jo harkje der net echt nei.

Sa moat it by it Wurd fan God net wêze. Set earen en hert iepen foar dat Wurd. Harkje mei hiel dyn hert. Konkreet : kom nei tsjerke as God dy ropt (en Hy ropt ús allegear, elke Snein). Doch aktyf mei yn it harkjen (harkje is in aktiviteit), sjonge, bidde, ensafuorhinne. Lit dy reitsje, dat machtige Wurd fan God foar’t ferstân te krijen. En kin dat net namste yntinse asto dat Wurd yn dyn eigen taal hearst ? Dêrom ek dizze tsjinst yn it Frysk. Dêrfan komt ek it inisjatyf om yn al ús gemeenten yn Fryslân ien of mear kear yn it jier in Fryske tsjinst te hâlden. It Wurd fan Heit yn ‘e taal fan Mem. Dy memmetaal, dy taal dêr’t in protte fan ús yn tinke en harren útdrukke, dy taal kringt alhiel troch, djip yn jins hert. It Wurd fan God yn dyn eigen taal, it komt dy tichter op ‘e hûd (nei David de Jong). Hoe dan ek, yn hokker taal dan ek ferkundige : harkje nei dat Wurd mei ear en hert. En dat net allinne Sneins yn tsjerke, mar ek yn dyn libben fan eltse dei. Nim tiid foar persoanlik bibellêzen (en wêrom ek net yn de Fryske oersetting). Nim der ek tiid foar om meiïnoar dat Wurd te ûndersykjen en te belûken op eigen libben en de maatskippij. Harkje aloan nei dat Wurd, lêse yn dat Wurd.

Dêrnei : bewarje dat Wurd. *Neinimme*, seit ús oersetting. *Libje nei dat Wurd*, seit de NBV. Ik gean leaver foar de oersetting fan Wumkes, dy’t oerset mei *bewarje*. Dat slút oan by de Nederlânske NBG oersetting fan 1951, dy’t ommers seit : *zalig zij die het Woord Gods horen en het bewaren*. Bewarjen fan it Wurd, dan tink ik fannijs oan Marije, de mem fan de Heare Jezus. Fan har liezen wy út Lukas 2 : Marije bewarre dat allegear yn har hert en liet it faak yn har omgean. Dat (wat sy bewarre), wat is dat ? It is yn it foarste plak datjinge dat de hoeders har fertelden oer wat harren oerkaam yn de fjilden fan Efratha, de ferskinning fan de ingels, ensafuorhinne. Mar it is mear. It is alles wat sein en bard is om de berte fan har Soan hinne de Messias fan Israel. It is de berte fan har

bern sels, it grutste wûnder fan alle tiden. Marije berget dat allegear op yn har hert. As in kostbere skat binnen yn har. Sa as in mem, withoe bliid mei har bern, alles om it swier wêzen en de berte hinne, ta de lytste dingen ta yntins belibbet en it as in kostbere skat yn har hert en oantinken slút. De heit fansels ek, mar dochs wer hiel oars. Sa kriget by Marije alles om it swier wêzen en berte fan Jezus, har Soan, hinne in ûnferjitlik plakje yn har hert. En nee, lang net alles sil se fuort en daliks foar it ferstân krigen hawwe, mar se liet it faak yn har omgean. Se bliuwt der mei te set en sa njonkenlytsen komt se ta djipper ynsjoch en ek ta djipper leauwe yn Jezus har Soan as ek har Ferlosser en Sillichmakker. Djipper leauwe ek dwers troch syn lijen en ferstjerren hinne. Dat lijen, dat ferstjerren, it is alles as in swurd troch har siel gongen. (Sa as Simeon al foarsei by de foarstelling fan Jezus yn 'e timpel.) Mar it hat it leauwe yn Him net stikken makke, it hat it krekt ferdjippe. Marije, se harke it Wurd en bewarre it djip yn it hert.

Sa sille no ek wy it nei Wurd fan God harkje en ús deroan hâlde. Of leaver, mei Wumkes : harkje en bewarje. Je deroan hâlde kin noch hiel ôfstanlik wêze, krekt dwaan wat der sein wurdt mar net fan herten, dyn handen dogge it, mar dyn hert leit der net yn. Nee, bewarje. Dat is der oer neitinke, it is is yn dy omgean litte (as ienris Marije). Sa, dat men djipper ynsjoch krijt, it persoanlik op jinsels belûkt en je je dêrtroch reitsje litte. En krekt sa as Marije, begripe wy ek net alles yn ien kear. Mar it leauwe mei groeie, sa as dat fan har groeide. Rypje kin men ek sizze. Rypje as de wyn fan in goed jier. Wat langer sa 'n flesse wyn leit, wat riper, wat fuller de wyn. Lit sa it Wurd fan God yn dy omgean en groei sa yn leauwe, it leauwe yn Jezus Kristus as de Ferlosser fan dyn libben. En dan sille wy ek nei it Wurd libje (mei de NBV). Us deroan hâlde, en dan net yn dy ôfstanlike sin sûnder dat ús hert der yn leit, mar der aktyf en optein mei oan it wurk gean. En noch ris : de jongerein sjocht goed ta, oft wy as âlderein en âldelju ek dogge wat wy sizze te leauwen, oft it Wurd fan God ús fleis en bloed wurden is. Oft wy it leauwe dat wy belide ek belibje en yn de praktyk bringe. Dus : konkreet it Wurd dwaan. Dat wol sizze : yn alles mei God rekkenje. Omsjen nei de neiste. Yn frede libje mei dyn broer en suster. Net rabje, rattelje oer in oar. Net moslems ta in spot meitsje (tink oan de Deenske kartoons) mar harren benei komme mei leafde en mei it evangeelje fan Jezus Kristus. En sa kinne wy trochgean. Konkreet dyn leauwe yn praktyk bringe oer hiel de liny fan dyn kristenlibben.

Asto dat dochst, nei it Wurd fan God harkest en it bewarrest, it yn dy omgean litst en der nei libbest, dan bisto sillich. Dyn libben wurdt fol fan heil, fan ferlossing, fan befrijing. Do wurdst ferlost fan dysels, dyn allinnich foar dysels wêzen. Dyn libben bloeit iepen nei God en de neiste. En it krijt machtich perspektyf nei in swide takomst. Dyn libben bliuwt net sljocht mar stiet gol fan Gods ûnthjitten, dy't neikommen wurde. Sa wurdt dat ryk segene.

Dêrom : *sillich binne dyjingen, dy't nei Gods wurd harkje en it bewarje.* Dat mei sein wurde, efter eltse Skriftlêzing, efter eltse Wurdferkundiging.

Nim jimme dat dan ek nei.

Amen